

Ferslach fan de gearkomste oer it Frysktalich berneboek op sneon 15 oktober 15.00-17.30 oere by it Skriuwerswykein yn Bakkefean

Oanwêzich:

Martsje de Jong (petearliedster)

Jetske Bilker, skriuwster en oersetter

Fedde de Boer

Janneke de Boer, skriuwster

Maaïke Bouma, skriuwster

Tjitske van Dijk, Afûk (sprekster)

Lida Dykstra, skriuwster en Berneboeke-ambassadeur (sprekster)

Margriet Groustra-Ypeij, dbieb (sprekster)

Martinus Jellema, skriuwer

Goffe Jensma, skôger Fryske literatuer (o/m punt 3)

Sigrid Kingma, dichter

Baukje Miedema, skriuwster

Ammarins Moss-de Boer, oersetter (o/m punt 3)

Barbara de Ruiten, skriuwster en yllustratrise

Gerard Timmermans, lêzer berneboeken

Sjoukje Veenstra, skriuwster

Wilda Verf-Veldman

Willem Verf, skriuwer

Lieme Woudenberg, dichter

Ferslach:

Hedwig Terpstra, De Griffel

1. Iepenjen en wolkom

Petearliedster Martsje de Jong hjit elkenien fan herte wolkom. De oanwêzigen stelle har oaninoar foar. Martsje jout it wurd oan Lida Dykstra.

2. Presintaasje Lida Dykstra oer Berneboeke-ambassadeur (BBA)

Lida Dykstra fertelt oer wat se as Berneboeke-ambassadeur dien hat op skoallen. Se hat it wurk no hast trije jier dien. Ein dit jier swaait se ôf en nimt Tialda Hoogeveen it fan har oer. Lida Dykstra hat de funksje fan berneboeke-ambassadeur yn Fryslân betocht nei oanlieding fan de berneboeke-ambassadeuren dy't der al binne yn Nederlân en yn Angelsaksyske en Skandinavyske lannen. Se hat dat oanjûn by Boeken fan Fryslân en mocht dêrmei los foar 600 oeren jiers.

Lida Dykstra hat al 104 berneboeken skreaun, yn Frysk en Nederlânsk, en de 105e is ûnderweis. It doel fan de Berneboeke-ambassadeur is om lês- en boekewille te fersprieden, yn de breedste sin. It koe foar bern wêze, mar ek foar folwoeksenen. Se hat mei Boeken fan Fryslân ôfpraat dat se it foaral yn 'e praktyk ûntwikkelje litte woe om te sjen wêr't it ferlet wie. Se woe it leechdromplich hâlde en sjen wêr't se wat betsjutte koe as Berneboeke-ambassadeur. Op dat momint waard ek sprutsen oer it Taalplan Frysk 2030. Lida jout oan dat der op it stuit in grutte gearwurking is fan ferskate organisaasjes dy't har dwaande hâlde mei it Frysk yn it ûnderwiis foar de takomst in boost te jaan. Op skoallen wiist Lida de learkrêften op de subsydzjemooglikheden dy't dêrfoar binne.

Jan Gaasenbeek hat yn 2021 in boek skreaun oer wat der bart op it mêd fan lêsbefoarding yn Fryslân, yn opdracht fan de City of Literature. It giet oer it yn 'e klasse bringen fan Fryske en Nederlânske literatuer.

Doe't Lida hearde dat se Berneboeke-ambassadeur wurde koe, hat se in oanrinperioade frege, want se woe de funksje goed yn 'e merk sette. Se hat tusken septimber en desimber 2019 in plan makke foar in hússtyl, in webside, in Instagramakkount en in Lêskoffer. De hússtyl fan de Berneboeke-ambassadeur is ûntwikkele troch yllustratrise Natascha Stenvert. Sy hat bygelyks boekelizzers ûntwurpen. Lida hat as Berneboeke-ambassadeur ek in amtskeatling, dy't se skielk oerjaan kin oan de folgjende Berneboeke-ambassadeur. Fia de (ienfâldige) webside kin de Berneboeke-ambassadeur útnûge wurde. De Lêskoffers mei tsien Fryske berneboeken steane der ek op oanjûn.

Der binne hûnderten Fryske berneboeken. Yn 2000 is in ûndersyk dien nei karstress troch Iyengar en Lepper fan de Universiteit Columbia en Stanford. Dêr kaam út dat it better is om minder karút te hawwen om ta in kar komme te kinnen. Dat woe Lida mei boeken ek dwaan. Se socht tsien Fryske berneboeken út foar ferskate leeftiden foar yn de Lêskoffer, dê't se as Berneboeke-ambassadeur op fokust.

Lida hat as Berneboeke-ambassadeur in soad nei basisskoallen ta west. Se ûntduts dat mei Fryske gemeenten ek in moaie gearwurking te finen wie. Fierder hat se lêzingen en wurkateliers jûn, by eveneminten west lykas foarlêskampioenskippen en stúdzjedagen. Se krige fia de mail fragen en fersiken fan minsken, bygelyks foar in memmetaalsprekker op skoalle. Dy minsken koe Lida yn har netwurk fine. In protte fan har tiid is opgien oan it meitsjen fan lesbrieven. Se jout oan dat it geheim fan entûsjasme oer it boek generearje is dat minsken mear kennis en eftergrûnynformaasje oer it boek krije. Dat koe se yn de lesbrieven útdrukke.

Gerard Timmermans merkt op dat Lida echt fokust op details fan boeken. Dêr kin er út opmeitsje dat se har bot yn it boek ferdjippe hat. Syn frou Barbara sei tsjin him dat Lida har fragen stelde dy't de fokus presys op 'e punt brocht.

Lida jout oan dat op in plak yn it boek fan Barbara de Rooter, *Prinses Pompebledsje*, it wurd 'mama' op in stikje papier skreaun is. Dat foel har op en se frege Barbara dêrnei. Barbara fertelde har doe dat doe't se mei it boek dwaande wie, har mem slim siik wie en letter ek ferstoarn is, mar dat dy dat wurd noch foar har op in stikje papier skreaun hie. Der sit fansels in protte emoasje yn dat wurd. Prachtich dat Barbara dat sa ferwurke hat yn har boek. Minsken kinne dat yn de lesbrieff lêze.

Sjoukje Veenstra freget oft dy lesbrieven foar de dosinten of foar learlingen binne. Lida jout oan dat elkenien dy't se ha wol se delhelje kin. De lesbrieven steane fergees op de webside berneboekeambassadeur.frl. Se binne yn prinsipe foar dosinten, mar binne ek gaadlik foar âlden, want der steane ek kleurplaten, puzzeltochten, bingospullen en nifelopdrachten yn. Martsje de Jong jout oan dat âlden oan 'e hân fan de lesbrieff mei it bern oer in boek prate kinne. Bepaalde ûnderwerpen dy't yn it boek oan bod komme kinne bepraat wurde, mar men leart ek in boek te begripen en in âlder kin nocht oan it boek by it bern oanwakkerje.

Lida lit in tal foto's sjen fan har wurk op skoalle as Berneboeke-ambassadeur. Sa brûkt se bygelyks yn groep 3 en 4 de tool 'Lear de lûden' fan útjouwerij Heutink. Dêrmei kinst om samar te sizzen stimpelje op 'e tablet en dan krigest Fryske lûden en wurden te sjen. Beukers lêst se foar en docht se wol bewegingsspultsjes mei. Se komt yn groep 1 o/m 8 en ek op PABO's en oeral dêr't se mar frege wurdt.

As Lida op skoallen oer boeken fertelt, dan brûkt se de metoade fan Aidan Chambers. Hy is in Ingelske jeugdboekeskriuwer, foaral foar âldere bern. Hy hat *Vertel eens* en *De leesomgeving* skreaun, bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012. Chambers hat in metoade ûntwikkele dy't bern en learkrêften loswekket fan de fraach wêr't it boek oer giet. De *Vertel eens*-basisfragen binne: Wat fynst moai/goed oan it boek, wat fynst net sa moai/goed oan it boek, wat fynst dreech of ûndúdlik en wiene der patroanen/ferbannen? Lida hat yn in lesbrieff fan har eigen boek *It spûkskip* in list fan Fryske fragen yn trije kategoryen yn it ramt fan dizze metoade opnommen. Dy lesbrieff is del te heljen en út te printsjen.

Lida lit noch in stikmannich foto's fan har wurk as Berneboeke-ambassadeur sjen, ûnder oare hoe't se foarlêst yn 'e wachtkeamer fan in ortodontist yn Ljouwert. En fan har gearwurking mei gemeenten. Lida hat oan 'e hân fan in lesbrief dúdlik makke oan learkrêften datst mei in boek mei in soad dialogen eins fansels toaniel lêze kinst mei de bern. Se hat hûnderten siden oan lesmateriaal skreaun.

Sjoukje Veenstra freget oft Lida as Berneboeke-ambassadeur har eigen boeken promoatet of ek boeken fan oare Fryske berneboekeskriuwers. Lida jout oan dat yn de Lêskoffer boeken fan harsels sitte, mar ek in soad fan har Fryske kollega's. Sjoukje merkt op dat skriuwers op dat mêd gearwurkje kinne, ek foar ferkeapbefoarding fan Fryske boeken. Lida fertelt dat de Lêskoffer te keap wie foaral foar skoallen, mar ek troch gemeenten oankocht is om oan de skoallen kado te jaan.

Lida hat de resultaten fan de Berneboeke-ambassadeur oant no ta op in rychje set. Oan 'e ein fan dit jier hat se, as alles goed giet, by 145 skoallen op besite west, yn gemiddeld trije groepen. 435 groepen hat se sjoen. Fia har as Berneboeke-ambassadeur binne der 164 Lêskoffers nei skoallen ta gien. Fia de webside fan de Afûk binne der nochris 25 ferkocht. De som komt út op 189 Lêskoffers mei dêryn 1890 berneboeken. De gemeente Opsterlân hat in enkête meirinne litten op skoalle en dêr wie de wurdearring foar de Berneboeke-ambassadeur yn trochsneed in 8,8. Se kin it sukses ek mjitte oan de publisiteit dy't oan it projekt jûn is en de mails fan de learkrêften en de reaksjes fan bern dy't se kriget.

Sjoukje Veenstra freget oft Lida murken hat dat der in protte bern binne dy't noch nea in Frysk boek lêzen ha. Lida seit dat it wol bestiet. Sjoukje freget oft dy bern no mear Frysk begjinne te lêzen, no't Lida der oandacht oan besteget. Lida seit dat se gjin kontakt hâldt mei skoallen om te hearren hoe't it no mei it Frysk lêzen giet. Sjoukje freget oft der bern by binne dy't sizze dat se letter ek Fryske berneboeken skriuwe wolle. Lida seit dat dy bern der binne. Se fertelt dat in groep bern in eigen Frysk boek skreaun hat, dat se opstjoerd krigen hat. Sjoukje merkt op dat de Berneboeke-ambassadeur wol betelle krije moat. Lida jout oan dat se 600 oeren betelle kriget troch Boeken fan Fryslân. Dan lit se in foto sjen fan in famke dat Fryske berneboekeskriuwster wurde wol. Lida einiget har presintaasje mei in sneakpreview fan har nije boek *De letterfretter*, mei gedichten mei alle Fryske ien-, twa- en trijelûden.

- Koart skoft -

3. Presintaasje Tjitske van Dijk, projektmeiwurker primêr ûnderwiis en skoalstiper Taalplan Frysk by de Afûk

Tjitske van Dijk jout oan dat se by de Afûk ûnder oare meiwurket oan de metoade Spoar 8 en leuke lêsbefoorderingsprojekten. Se fertelt hjoed oer wat de Afûk docht om bern entûsjast te meitsjen foar it lêzen yn 'e Fryske taal. It giet ek oer de promoasje fan it Fryske berneboek by learkrêften en âlden.

Tjitske fertelt dat dit jier oant no ta njoggentjin Fryske berne- en jeugdboeken útkommen binne. Dat is ynklusyf oersettingen en boeken dy't al earder útkommen binne. Der komme dit jier ek noch in tal boeken oan. Yn 2021 wie 21% fan de nije Fryske titels in berne- of jeugdboek. Berne- en jeugdboeken ha dus in grut oanpart yn de Fryske literatuer.

De Afûk wol graach it lêzen op 'e agenda krije fan bern, mar ek breder, en hat dêrby baat fan it Taalplan Frysk 2030 fan de provinsje. De ûnderwiisynspeksje hat sein dat it Frysk yn Fryslân in ferplichte fak is op 'e skoallen en de provinsje hat in plan makke foar de ynspeksje om dat te hifkjen. It Taalplan 2030 is in gearwurkingsplan tusken ferskate organisaasjes foar it Frysk. Ien fan de taken is dat by alle skoallen yn Fryslân, dus basisskoallen en fuortset ûnderwiis, ien persoan skoalstiper fan it Frysk is. Tjitske is sels ek oan it wurk as skoalstiper, no op fyftjin skoallen. Der moat op de skoallen oanbod wêze yn it Frysk foar de learlingen sadat se it prate, lêze en skriuwe leare kinne. De skoalstipers geane nei de skoallen ta om te freegjen hoe't sy de skoallen helpe kinne om it doel út it

Taalplan te berikken, wêr't se no binne en wat de stappen binne om fierder te kommen. De provinsje wol de skoallen stypje mei subsydzjes om de doelen helje te kinnen.

De Afûk leveret op oanfraach boekekisten oan skoallen foar in doelgroep. De skoallen kinne dan bepale hokker boeken se hâlde wolle. Ien kear yn 'e moanne hat de Afûk in side yn de deiblêden, dêr't ek boeketips yn steane. De sosjale media is in hieltyd grutter part fan de promoasjeaktiviteiten fan de Afûk. De Afûk hat in Instagramakkount en tydskrift Heit & Mem hat 11.000 folgers op Facebook. Dêr wurde bygelyks boeketips en tips oer meartaligens op pleatst. Yn 'e winkel fan de Afûk wurde foarlêsmoarnen holden. Dy wurde oankundige fia de sosjale media en dêr komme altyd in soad bern op ôf. En de Afûk docht mei oan de Lês mar foar!-wiken yn septimber. Der wurde bygelyks foarstellingen jûn mei Tomke yn biblioteken. Bern kinne boeken fan Tomke en Keimpe fergees ophelje.

Yn 2018 hat in ûndersyk west nei de bekendheid fan Tomke en dêr kaam út dat 98% fan de minsken dy't meidien hat, Tomke ken en wit wêr't er foar stiet. Ut dat ûndersyk kaam ek de fraach wat der nei Tomke komt. Doe is de Afûk begûn mei it ûntwikkeljen fan Keimpe de Krokodil. Dy kaam earst yn de sykplaten fan Spoar 8, de Fryske metoade foar it basisûnderwiis. Der is no in programma foar Keimpe de Krokodil betocht. Hy stiet net allinnich foar in leuk spultsje, mar ek foar wurdskatûntwikkeling, lêsuûntwikkeling en lêspromoasje foar de wat âldere doelgroep. Aad Cornelisse is de tekener fan Keimpe. Der is in boek útkommen mei tweintich sykplaten fan Keimpe: *Wêr is Keimpe?* Keimpe komt ek foar yn de lêslêde fan de metoade Spoar 8.

Sjoukje Veenstra freget oft de Afûk ek gearwurket mei de âlderein. Aldere minsken dy't Frysk lêze en skriuwe soene ek lesjaan kinne oan jongerein. Tjitske jout oan dat fia it SFBO memmetaalsprekkers ferbûn wurde oan skoallen dêr't learkrêften muoite hawwe mei it Frysk. Materialen út de metoade wurde dan brûkt troch de memmetaalsprekkers. Sjoukje merkt op dat it moai is dat jong fan âld leart. Se tinkt ek oan minsken yn fersoargingshuzen dy't miskien net mear lêze kinne, dy't foarlêzen wurde kinne. Bygelyks minsken dy't demintearje kinne dan de taal werkenne. Tjitske jout oan dat yn oare projekten fan de Afûk dêr omtinken foar is.

Tjitske fertelt dat sûnt oktober alle moannen de lêstip fan Keimpe online komt. Alle moannen komt in boek sintraal op de webside en sosjale media fan Heit & Mem. Dat kin in orizjineel Frysk boek wêze, mar ek in oersetting. Keimpe leit mei in fergees boekje en lesbrieff neist it *Tomkeboekje* yn de Lês mar foar!-wiken yn de biblioteken. Lesbrieff en boekje wurde ek nei alle skoallen tastjoerd. Studinten fan it mbû hawwe in Keimpe-placemat foar yn de hoareka betocht. IVN jout it Keimpe-boekje *Nei bûten!* fan Reina Kroodsmâ en in poster/placemat fergees oan de bern yn de nasjonale parken.

Tjitske einiget har presintaasje mei twa foto's fan bern dy't ûntspannen in Frysk boek lêze. Se fertelt dat de ekspertgroep fan minsken dy't wat mei Fryske berneboeken hawwe, de opdracht krigen hat om te ûndersykjen wat der barre moatte soe om it Fryske berneboek in boost te jaan. De ekspertgroep is dwaande om in advys te skriuwen foar it PLF, it platfoarm foar lêsbefoardering yn Fryslân.

Willem Verf freget oft it noch mooglik is om in abonnemint op Heit & Mem te nimmen. Tjitske seit dat dat noch kin fia de webside en dat skoallen eksimplaren oanfreegje kinne om oan de bern mei te jaan. Willem seit dat it net mear mooglik is om in kado-abonnemint te jaan. Tjitske sil it neifreegje.

4. Presintaasje Margriet Groustra-Ypeij, lêskonsulint/mediacoach/meiwurker ynformaasje & advys by dbieb

Margriet Groustra fertelt oer de aktiviteiten fan dbieb wat it Frysk berneboek oangiet. Se jout oan dat lêskonsulinten by it lanlik konsept 'De bibliotheek op school' ynset wurde sûnt in protte biblioteken fuortbesunige binne. It projekt rint no in jier as seis yn Fryslân. Der binne no sechtjin

lêskonsulinten yn de gemeenten Ljouwert en Tysjerksteradiel en dy hawwe allegear in stik as seis skoallen ûnder har dêr't se hast alle wiken hinne geane om lessen lêsbefoarding of mediawiisheid te jaan. Neist mediacoach en lêskonsulint is se ek offisjeel bibliotekaris by dbieb fan Ljouwert, mar dêr docht se net folle wurk mear. Se is ferantwurdlik foar de jeugdôfdieling yn Ljouwert. Se docht ynkeap fan boeken foar Team Underwiis. Fryske boeken keapet se fia de Afûk. Dbieb fersoarget yn opdracht fan Kunstkade yn Ljouwert lessen op skoallen dy't net by 'De Bibliotheek op school' hearre. Se is ek bestjoerslid fan It Fryske Berneboek.

De biblioteek op skoalle (dbos) rint faak fia de gemeente. De skoallen dy't meidogge krije in abonnemint op 'De bibliotheek op school'. Oer it algemien kostet it sa'n 10 oant 12 euro de learling jiers. Dbos leveret dan in basiskolleksje boeken oan de skoalle, fiif boeken de learling, en dy kolleksje feroaret in pear kear jiers. De lêskonsulinten jouwe lêsbefoorderingslessen oan pjutten en âldere bern. Pjutten en beukers wurde foarlêzen. Dbos leveret temakolleksjes mei in doaze boeken foar seis oant acht wike dêr't skoallen mei oan 'e slach kinne. Der wurdt geregeld frege om in temakolleksje Frysk, om't dy skoallen net folle Fryske boeken stean ha. Dbos hat projekten lykas in kiste oer de Alvestêdetocht. Op de webside fan dbos stiet in hiel oanbod oan projekten foar skoallen. De mediacoaches jouwe mediawiisheidslessen yn 'e Wike fan de Mediawiisheid yn novimber yn groep 6 o/m 8. Dbos nimt de Monitor ôf by de learkrêften en bern út groep 5 om 8 en dêr komt út wat op skoalle en thús oan lêsbefoarding dien wurdt en wat de bern graach lêze wolle. Op basis fan de útkomsten fan de Monitor wurdt in aktiviteiteplan makke. De lêskonsulinten helpe de learlingen om 'lêzer' te wurden.

De meartalige skoallen krije standert Fryske boeken levere. Op skoallen yn Ljouwert sitte in protte nasjonaliteiten en dêr wurdt net folle mei Fryske boeken dien. Dy skoallen krije ien of twa kear jiers in temakiste mei Fryske boeken en dan dogge se dêr in wike wat mei. Troch de Fryske lêskonsulinten wurdt in protte oan promoasje en foarlêzen fan Fryske boeken yn ferskate groepen dien. De lêskonsulinten lêze ynteraktyf foar oan bern op bernedeiferbliuwen, pjutten, beukers en yn groep 3 en 4. Neffens de metoade fan Aidan Chambers geane se mei de bern yn petear oer it ferhaal. Der wurde aktiviteiten mei Fryske skriuwers organisearre op skoallen en yn biblioteken. Fan 'e wike hat Thys Wadman bygelyks in les jûn oer syn nije boek.

De lêskonsulinten hawwe de kursus meartaligens dien fia de NHL en Fers. Mei-inoar hawwe se it boekje *Dyn taal myn taal* mei meartalige wurkfoarmen makke. Dy boekjes binne útrikt op alle skoallen dy't by dbos oansletten binne, yn 'e hoop dat se der wat mei dogge.

Margriet hat in enkête holden yn in Lytse Byb oer wat bern fan Fryske en Nederlânske boeken fine. De bern sjogge as earste nei it omkaft. In tip foar de skriuwer is om in modern en oansprekkend omkaft te meitsjen. Se hat alle oanwêzigen in read en in grien papierke jûn en tsien boeken op tafel útstald. Elk mei in grien briefke dwaan yn it boek dêr't men fan tinkt dat it de bern oansprekt en in read briefke yn it boek dêr't fan tocht wurdt dat bern it net pakke sille. Dêrnei blykt dat de boeken dêr't reade briefkes yn dien binne, allegear Fryske boeken binne. Bern fan no hâlde oer it algemien net fan snoezige plaatsjes. Se libje yn in flugge wrâld en scanne de plaatsjes op it omkaft. Yn de boeken fan Corien Oranje en Pieter Koolwijk binne in protte griene briefkes dien. Dy dogge it tige goed by de bern. De Fryske boeken fan Thys Wadman binne wol populêr. Guon boeken fan Bert Wiersema út Drachten ferkeapje ek tige goed.

It ferskil mei Nederlânske boeken is dat in wichtige kategory ûntbrekt, nammentlik de earste lêskboekjes S (start groep 3), M3 (midden groep 3) en E3 (ein groep 3). De *Sweltsjerige* is te dreech foar begjinnende lêzers en *Poef de Boef* is net folle mear fan te krijen.

Jetske Bilker merkt op dat se learkrêft is yn groep 3 en dwaande is mei de Nederlânske wurden. Se freget wannear't de bern begjinne moatte mei de Fryske boekjes, om't se net yn 'e tiis reitsje moatte. Margriet jout oan dat op skoallen ferskillend is hoefolle omtinken oan Fryske boekjes jûn wurdt.

Jetske Bilker tinkt dat it punt is dat je Fryske boekjes net oanbiede as de bern krekt lêze kinne. Margriet seit dat it earste boekje ek yn groep 4 of 5 wêze moat as de bern der dan mei begjinne. Sigrig merkt op dat de bern yn groep 4 mei Frysk lêzen begjinne. Har dochter fan 3 fynt de Sweltsjerige geweldich. Dy boeken lêst Sigrig oan har dochter foar. Se tinkt dat âlden net ophâlde moatte mei foarlêzen op it momint dat it bern begjint te lêzen. Margriet seit dat se dat op skoallen ek oanjout oan âlden. Se jout oan dat der driuwend ferlet is fan startboekjes lykas de *Juf Fiep*-boeken fan Corien Oranje, ienfâldige ynformaasjeboekjes, trochlêsboekjes en boekjes dy't je mei-inoar lêze kinne. Margriet wol graach de boeken fan Corien Oranje yn it Frysk oersetten, mar der moat jild komme om it boek printsje te kinnen. Willem Verf merkt op dat de provinsje soks betelje moatte soe. Hy docht in grut berop op de leden fan it Skriuwersboun om it bestjoer dêryn te stypjen. Tjitske van Dijk merkt op dat der al foar krewearre wurdt.

5. Romte foar dialoach tusken oanwêzigen en spreksters nei de trije ynliedingen

Martsje de Jong merkt op dat in grut punt is dat der te min boeken beskikber binne foar de groep tusken pjutten dy't foarlêzen wurde troch heit en mem en de groep dy't himsels al echt rêde kin.

Sigrig freget oft *Jelle en juf* wat foar groep 1 en 2 is. Lida Dykstra leit út dat der in ferskil is tusken technysk lêzen foar bern dy't sels lêzen leare moatte, it AVI-lêzen, en foarlêsboeken as *Jelle en juf*, dy't net gaadlik binne foar bern dy't krekt de letters leare. Sigrig merkt op dat it dreech is om yn simpele taal in ferhaal te skriuwen dat kognityf op it nivo is fan ien fan groep 3. Lida jout oan dat it mooglik is om noch leechdrompeliger te skriuwen as bygelyks AVI-boekje *Ridder Jesse*. Margriet merkt op dat jonge bern ferrast binne wat foar wurd as der komt. Jetske Bilker seit dat jonge bern koarte wurden as 'ik' en 'juf' leuk fine.

Tjitske van Dijk merkt op dat it wol in fak is om in nijsgjirrich ferhaaltsje te skriuwen mei sokke koarte wurdjes. En dan is it noch in ekstra útdaging om dat yn it Frysk te dwaan. Mei't bern al Nederlânsk leare fan groep 3 ôf is Frysk technysk dreger. Foar it oersetten fan bygelyks de boeken fan Corien Oranje is in ekspert nedich dy't oare wurden kiest dy't itselde sizze, sadat it ferhaaltsje ynteressant bliuwt foar de doelgroep. Jetske Bilker seit dat it har in toer liket. Se merkt op dat Lida Nederlânsktalige AVI-boekjes skriuwt en tinkt dat sy der wolris oer neitocht hat om sokke boekjes yn it Frysk te skriuwen. Lida jout oan dat der no oan wurke wurdt. Se seit dat yn it Nederlânsktalige gebiet helder definearre is wat de AVI-noarmen binne, mar it probleem is dat dat yn it Frysk noch net sa is. Tjitske leit út dat de praktyk útwiist dat skoallen it yn groep 3 hiel drok hawwe mei it Nederlânsk technysk lêzen, en dat it Frysk technysk lêzen pas yn groep 4 oan bod komt. Mar dan ha se yn it Nederlânsk al folle mear leard as allinnich mar klanksuvere wurden. Skoallen begjinne net as earste mei Frysk lêzen. Martsje kin har foarstelle dat dat in dûbele drompel opsmyt. Bern wurde mei it Frysk lêzen in jier weromsmiten yn harren ûntwikkeling en dan fine se it miskien net mear leuk. Tjitske seit dat it nivo kwa belibingswrâld wol groep 4 wêze moat, wylst it technysk lêzen noch op in leger nivo is.

Willem Verf freget hoe't dat op trijetalige skoallen is. Tjitske seit dat de fraach is wat se op trijetalige skoallen al oan it technysk lêzen dogge yn groep 3. Op trijetalige skoallen dogge se bygelyks ek de biologyles yn it Frysk. Dan binne se mear dwaande mei wurdskatûntwikkeling ensfh. Sigrig merkt op dat as bern al yn groep 4 yn it Nederlânsk lêze kinne, it in minder grutte stap is om nei it technysk lêzen fan it Frysk te gean. Tjitske seit dat it dêrom lestich is om de noarm yn it Frysk te stellen. Je hoege net allinnich mar klanksuver te wêzen, want yn it Nederlânsk witte de bern al dat guon letters oars klinke as se byinoar steane as wannear't se los steane.

Sjoukje Veenstra hat soms it gefoel dat de folwoeksenen mear foar de bern te tinke yn plak fan dat út it bern sels tocht wurdt. Yn Heit & Mem hat se lêzen dat jonge bern goed by steat binne om mear talen te sprekken en te lêzen. Ut wittenskiplik ûndersyk hat bliken dien dat talen maklik tagelyk oanbean wurde kinne. Se tinkt dat bern mear opnimme kinne as tocht wurdt. Jetske merkt op dat technysk Frysk lêzen dreech is foar bern dy't Nederlânsktalich binne, bygelyks fanwege de ferskillende útspraken fan de letters. Sjoukje merkt op dat bern dat miskien net dreech fine, mar dat tocht wurdt dat bern der muoite mei hawwe. Willem Verf tinkt dat it ek oprjochte ûnderfining is fan minsken dy't regelmittich mei bern wurkje.

Martsje freget wêr't Jetske ferlet fan hat as learkrêft yn groep 3. Misse der yn it Frysk kaders dêr't it Frysk op dat nivo yn jûn wurde kin? Of seit se dat meartaligens foar lytse bern prima te dwaan is yn de thússituaasje, mar op skoalle as der toetst wurde moat net? Jetske tinkt dat der wat foar te sizzen is om yn groep 4 mei it Frysk te begjinnen. Ein fyftiger en begjin sechtiger jierren wiene der Frysktalige skoallen dêr't begûn waard mei it Frysk learen en letter Nederlânsk leard waard. Miskien soe dêr nei sjoen wurde moatte. Martsje jout oan dat har ûnderfining is dat yn Ierlân en Laplân de wurkwize oarsom is, nammentlik dat de memmetaal, de minderheidstaal foarop stiet en dat dan de oerheaskjende taal derby komt omdat bern dy benammen fia de telefyzje en sosjale media oppikke. Willem Verf merkt op dat dy oanpak yn Fryslân spitigernôch opholden is om't in protte âlden it nut der net fan ynsjogge. Der wie op in gegeven moment te min draachflak om dat fol te hâlden en dat wie foar ûnderwizers ek demotivearjend.

Lida Dykstra jout oan dat se yn de earste klasse ek allinnich Frysk hân hat. Janneke de Boer seit dat se út Littenseradiel komt, dat in tige Fryksinnige gemeente wie, dêr't alle dosinten op 'e basisskoalle Frysk sprutsen. Lieme Woudenberg merkt op dat er pas yn de sechsde klasse fan de legere skoalle Fryske les krige omdat er in haadmaster hie dy't dêr bot foar krewearre. Jetske merkt op dat bern op trijetalige skoallen ek Ingelsk leare. Martinus Jellema leit út dat de harsens fan in minske en in bern tige fleksibel is en dat bern oant alve jier ferskate talen trochinoar leare kinne. Der binne eksperiminten dien yn in Ingelsktalich lân dêr't njonken it bêd Grykske teksten draaid waarden. Tweintich jier letter gie dat bern Gryksk learen en dat flapte der sa yn. En hy hat in oar foarbyld fan in meartalige húshâlding mei in Flaamske mem en in Finske heit yn Laplân, dêr't Saami sprutsen wurdt, yn Noarwegen. It famke koe floeiend oerstappe fan Saami nei Noarsk, Finsk en Nederlânsk mei in Flaamsk aksint.

Jetske Bilker merkt op dat se as learkrêft fan in klasse wit dat der ferskillende nivo's binne. Der binne ek bern dy't no al problemen mei Nederlânsk lêzen hawwe. Se seit dat echt net alle bern safolle talen tagelyk leare kinne. Martinus merkt op dat je soks altyd hâlde en der minsken binne dy't nea in taal leare.

Martsje konstatearret dat der in ferlet is fan goed les materiaal Frysk, benammen op it startnivo. Sigrid makket de kanttekening dat se net bot foar it útmjitten is fan it nivo dat oanbean wurdt. Se tinkt dat as genôch lêzen wurdt mei de bern en genôch oanbean wurdt, it automatysk giet en dat feardichheden oanleare net altyd in apart fak wêze moat.

Martsje seit dat dat in goed ding is, mar sy jout oan dat as in learline op skoalle útset wurdt, metten wurdt moat hoe't it nivo is, omdat dat ferplichte is foar de ynspeksje. Ast net mjitst, dan bist ôfhinklik fan de dosint dy't wol of net wat docht en dan bliuwt it Frysk op skoalle op it nivo dêr't it no leit. Der hat yn it ferline in wurkgroep berneliteratuer fan it Skriuwersboun west dat wurke oan berneboeken. Faaks soe it goed wêze om wer mei in tal minsken byinoar te sitten om dêroer fan tinzen te wikseljen. En faaks moat der folle mear oerlis wêze mei it ûnderwiis yn kombinaasje mei in projektmeiwurker fan de Afûk sa as Tsjitske en mei in lêskonsulint fan de biblioteken lykas Margriet. Soe dêr stipe foar komme kinne fan it Skriuwersboun of fan de provinsje?

Janneke de Boer merkt op dat je witte moatte wêr't de skoalle ferlet fan hat. Lida merkt op dat de AVI-startboekjes útjûn wurde troch de ôfdieling ûnderwiis fan de Afûk en de lêsboeken troch de útjouwerij. Se tinkt dat dy grins soms te straks is en dat boeken lykas fan Corien Oranje miskien ek by de útjouwerij útjûn wurde kinne. Tjitske seit dat dat mei jildstreamen te krijen hat. It Frysk lêzen moat net allinnich wat fan de skoalle wêze. It is moai dat de skoalle materiaal hat der't bern op in spesifyk ûnderdiel mei oefenje kinne, mar men wol ek dat bern nei de bibliotek ta geane om in boek te heljen dat se miskien fan skoalle kenne. Martsje seit dat yn 'e boekhannel keapje it ferfolch is. Jetske fertelt dat by har yn 'e groep de bern earst fruit ite en dêrnei boekjes pakke meie. Se pakke de *Kim*-boekjes en *Juf*-boekjes omdat se dy sels lêze kinne. Yn groep 4 soene ek maklike Fryske boekjes wêze moatte dy't goed by de metoade hearre.

Sjoukje merkt op dat it boartsjenderwiis dien wurde kin troch de bern in stikje drama of teater opfiere te litten. Bern kinne sels in stikje skriuwe en foardrage en op dy manier mei de Fryske taal dwaande wêze.

Martsje seit dat dat Lida en Margriet dat ek dogge op de skoallen. Dat kin derút fuortfloei as it materiaal der is en as dúdlik is wat men mei-inoar wol op dit mêd.

Sigrid neamt 'Praat mar toaniel!', dat brûkt wurdt by it meartalich ûnderwiis, dêr't bern sels mei oan de gong kinne mei it skriuwen fan toaniel. Dêr binne al in protte boekjes fan, dy't ynset wurde kinne yn groep 4.

6. Ofsluting

Martsje de Jong betanket de oanwêzigen foar de ynbring en seit dat se hopet dat der in ferfolch op komt en dat oan it bestjoer fan It Skriuwersboun tafertrout.

Willem Verf betanket Martsje en de trije spreksters en jout se út namme fan It Skriuwersboun it boek *De lêste oerstek* kado. Hy jout oan dat er in protte enerzjy foar it skriuwen fan de entûsjaste ynbring fan de spreksters krigen hat, hoewol't er yn 'e praktyk foar in âldere doelgroep skriuwt.